



Klimmerstiid

AM WIJBENGA

A. M. WYBENGA (†)

KLIMMERSTIID

10—12 JIER



Tekeningen fan Jekke van Dijk

1948
FIRMA A. J. OSINGA — BOALSERT


Sinnestrielen

Rige boekjes foar Sneinsskoallen
under redaksje fan L. Post—Beuckens en E. S. de Jong

VI

I. By it skoalleplein.

Och, hwat gyng dat sierlik! Nêst in pear dagen hie it flink reind en it wie noch ien stik wettergatten oan 'e kant fan 'e wei. Hja sprongen dêr mei beide klompen tagelyk yn. En spatte! It fleach Reitse by de rêch op. En dan roun dat modderige wetter him wer by strieltsjes by de klean del. Krekt hwat foar



Mem om joun danich to fûterjen. Hy hie ommers fan 'e moarn in nij skjin pakje oankrigé. En krij my sokke krûden jouns sa thûs!

Pibe hie ek syn part krike. Hy wie op in loslizzend estrikje sprongen en mei in gjalp wie de wetterstriel him by de bokse opspat. Mar hoe moai as dat gyng! Dêrby syn rjuchter klomp wie ek knap lek. Ien wetter, allegear wetter. Mar hwat joegen jonges dêrom? Reitse spong nochris yn itselde plak en doe kriken Sybren en Klaes elk ek noch in fikse snjitter. Sa wiene se dan alle fjouwer knap klets. Nou dêr wie it dan ek om to rêdden. Hja hoegden der net foar yn 'e sleat to sitten. Och, it koe har neat skele. As har Memmen it mar net fornamen. Hwant dan koe 't wolris min waer wurde.

Och hja hiene noch in hiel stik tiid foar hinnen, it koe foar thûskommerstiid wol wer aerdich bikomme. Dêr, ynienen rôp Reitse: „Klimme jonges! hwa is 't earst yn 'e beam op?” En dêr naeiden se hinne, rinne, sa ha je net.

Trije beammen stiene der by 't skoalleplein, allegearre like heech en like glêd. Dêr hiene de skoallejonges nou al jierren oanien sa faek yn op west, dat hja wiene sa glêd as in ekkel. Fansels nammersto greater eare en klim dêr hastich yn op.

Hja wiene mei har fjouweren, en dy't nou earst by de beam wie mocht der fansels yn op. Reitse, Pibe en Klaes rêdden it. Sybren wie krekt to let. Feitlik syn eigen skuld, as hy syn lange skonken mar útslingere hie, dan hie hy de earste wol west. En hy wie oars ek graech Pytsje de foarste. Mar dit wie him in bytsje oer 't mat kommen. Hy hie ek in min sin. Hy sei oars altyd hwat der boarte wurde moast. En nou hie Reitse it sein, en de oare beide jonges

wiene him efternei roun. Nou wie er efter bleaun en dat wie him fansels like min nei 't sin. Mei skeane eagen seach er hoe't de jonges yn 'e beam klatteren. Reitse wie fansels de earste. Hy hie der suver gjin wark fan, krekt oft der mar by de beam opglied. Yn in geswint wie er dan ek yn it boppeste topke en koed er net heger. Ja dy Reitse wie in klimmer en it stiek Sybren altyd, dat er dêr lang net tsjin út koe. En hy wie oars hast de heale holle greater as dy jonge. Nou dy klimmerij. Alle bern fan 't skoalleplein stiene 'der nei to sjen. „Reitse wint it fier,” rôpen se. Och ja, Reitse koe ek sa glûpend klimme. Reitse siet dêr dan ek tige triomfantlik. Hy seach sels op it timpeltsje fan Sjoerd Oepkes syn skuorre del. En de tsjerketoer, nou dêr wie hy ek al in moai ein njonken. Wylst wiene Klaes en Pibe noch mar goed op 'e helte. Hè, hja moasten efkes útpûste. As kikkerts sieten hja tsjin de beam oanplakt. Hja moasten har goed beethâlde om net wer nei únderen to gliden.

„Nou jonges, wurdt it ek hwat?” rôpen se dêr únder wei, en doe de beide klimmers wer mei nije moed to set. Hja hiene it slimste ein hawn: hja koene har der nou by ophise, fan de iene sydtûke op de oare. Hwa fan dy beide soe 't winne?

It bigoun to spannen. Klaes wie iderkear krekt foar. Hy wie nou gau njonken Reitse. Dan wie er to plak. Hy soe de boppe him hingjende tûke beetkrijje. Hy sloech syn iene hân der al nei út. Mis! Hy tocht der net genôch om en hâld him beet. Hy glied in foet nei únderen ta.

Gau wer bisykje. Mar nou wie Pibe him yn 't foar.

Dy hie oars hast al bilies jown. Doe't Klaes nei ûnderen sakke, krike er nije moed.

Nou wiene se njonken inoar.

It soe der noch danich om spanne.

Klaes biet him op 'e tonge. Soe Pibe it nou noch winne sille? Dat noait. Hy soe syn bêst nochris dwaen. It marris wer út alle macht bisykje. Moai sa, hy seach mei in heal each dat er Pibe wer ynwoun. Hy koe better klimme as Pibe, mar dan moasten der gjin tûkelteammen wêze.

Hy wie yn spanning. Mar it publyk dêrûnder net minder. Hja rôpen wakker: „Toe mar Klaes,” of: „Pibe set troch!” al nei't hja de beide jonges lije mochten.

Dêr wiene se wer njonken inoar.

Beide tagelyk stieken se de hân út nei de boppe har slingerjende tûke. Mar Pibe syn earm wie in bytsje langer as Klaes sines. Ek koe Pibe better slingerje. Yn ien slach siet Pibe to plak op syn strampel, wylst Klaes noch mar op 'e helte wie.

Dêr ûnder jubelen hja it út. Allegearre wiene hja suver op Pibe syn hân. „Pibe hat it woun! Pibe hat it woun!” De iene rôp it al lûder as de oare. Sybren die ek wakker mei.

Mar hja rôpen it efkes to gau. Hja koene dêr ûnder net krekt sjen oft de jonges njonken Reitse wiene, né of ja. Dat it moast noch útwizing dwaen. Klaes skrepte noch mei folle moed. Noch heger! En dêr klatteren se wer hinne.

It kaem nou mar op linigens oan. It wie dúdlik Pibe rekke foar en bleau foar. It duorre net lang of hy

siet noch wol sa heech as Reitse. Nou koene hja dêr ûnder mar raek jubelje fan: „Pibe hat it woun,” hwant hy hie de reis ôflein.

Foart dêr nei, dêr wie Klaes ek al. Ut har hichte wei, seagen sy op 'e streuperts del dy't der op it skoalleplein om wrimelen.

En dêr ûnder? Nou der wiene genôch dy't der gâns hertsear fan hiene dat dit trijetal dêr sa heech en steatlik yn 'e beam siet. Hja soene graech ek sa heech wol sitte, as hja mar doarsten. En dêrby, lang alle jonges kinne net klimme. Nammersto heger seagen hja by har kammeraten op dêr boppe.

Sybren fornaem dat wol en it stiek him. Hy wist net hwat er bitinke soe om de kat der yn to jeien. Dêr kaem him hwat yn 't sin. Hwat raers. Mar dat koe him foar dit stuit neat skele.

„Sachéus!” rôp er, „Sachéus yn 'e figebeam!” Dat sloech op Klaes, om't dy sa lyts fan stik wie.

Mar hy hie 't noch mar krekt sein, of it muoide him. Klaes wie ommers syn bêste kammeraat, dêr koed er sa skoan mei opsjitte. En Master soe soks ek út noch yn net lije wolle. Gjin Bibelske nammen en foarfallen yn spotsk praet bihelje!

Dêr kaem noch by: hy seach Ytsen glimkjen en kâldgnizen. Dy Ytsen! In rare jonge. Unforskillich en pleagerich.

Dat fan Sachéus wie krekt koarn op Ytsen syn moune. En dêrom wie 't al forkeard. Op 'e keap ta, Ytsen mocht Klaes net lije, dy soe noait om syn oanslaggen laitsje. En Klaes wie wol lyts, mar bjustere sterk, hy koe Ytsen skoan oan.

Né, dat fan Sachéus moast er net sein ha. Mar it wie der út. Sa wied er nou ienris: as it ien of 't oar him net nei 't sin wie, dan goaide hy der wolris hwat forkeards út. Dat muoide him dan letter. Dan hied er ek wol tocht: tonei oppasse; mar hoe`gyng it! Lakkich, Klaes dêr boppe, steurde him oan neat. Dy wie altyd de goedheit sels, lit dy jonges mar hwat smeule oer syn lytsens, hy foroare him der net om. Stumper, dêr wie Master al.

Master hie dêr syn fêste tiid fan. In heal kertier foar 't de skoalle yngyng kaem er op 'e lappen. Dan koe elk dy't mei in spultsje dwaende wie, dat fatsoenlik dienmeitsje. Hwant sa mei de gleone holle yn skoalle fleane, dat wie foar de bern net goed. En foar de oandacht like min.

Nou sieten dy jonges dêr noch boppe yn 'e beam. Mar de reis nei ûnderen wie sa slim net as dy nei boppen.

„Sjen jonges, hwa't earst ûnder is,” rôp Pibe helthaftich. Nou der wie reden foar syn oermoed. Hy wie sa linich as lekken en slingere fan de iene op de oare. Né, dêr koe Reitse net tsjin út. Nou hawar, elk syn bar.

Sybren wie der bliid om dat Pibe earst del wie. Reitse hoegde ek alles net to winnen. Sybren syn heit wie op 't lêst ek boer en Reitse sines mar timerfeint.

Sa sutelen sy de skoalle yn.

II. *De groubynten lâns.*

De skuorre fan Aent Bijboer moast ôfbrutsen wurde. Dat wie in forjaertsje foar 'e bern. It spul stie in kertier bûten de buorren. Jouns nei skoaltiid moasten hja der nedich hinne. By boskjes. Hja strûnden dêr dan hiele setten om. En by dûnker wer thûskomme. Fansels, hja waerden mei itselde geprottel bigroete as fan de klimpartijen.

De skuorre wie in echte âldfader. De jonges hiene de ankers yn 'e achterhûsmuorre alris biwûndere. 1751 stie dêr op. 1751!

Tink ris ta! Hwat wie 't al in set lyn dat dit spul hjir delsetten waerd. Amper twahûndert jier.

Yn hwaens tiid wie dat ek hast?

Efkies bitinke.... O ja, nou wisten sy it noch wol. Ut 'e tiid fan Marijkemuoi. Dêr hie Master har in stejsje forlyn, noch fan forteld. Dat wie de widdou fan Jan Willem Friso, dy't by de Moerdyk fordronken wie. En de Mem fan Willem IV. Ja krekt, nou wie 't har wer dûdlik.

Mar hwat wie dat al in skoft lyn. Hwa wit, hie Marijkemuoi sels dit spul noch stean sjoen. Nou ja, hja wenne dan oars yn Ljouwert en simmers faek yn 't Oranjewâld, mar hja soe de Klaei ek wolris trochreizge ha.

Sybren wie hjir it measte oer oan 't wurd. Hwant hy koe wakker leare en ûnthâlde.

Hwat joech sa'n ôfbraek fan in âld boerespul dochs in bulte wille. Foarearst al om 't stof dat allegearre

yn 'e hichte stout. De âlde juffers binne sahwat al-
legear formôge en falle sa mar midstroch. En hwat
in âld outer net fan sa'n skuorre komt!

By 't weinfool hat boer Aent dat spul yn 'e hoeke fan
'e kamp rideñ. Doe op in jountiid de brân der yn.
Hwant outer kin net brûkt wurde foar struistrie. Der
sit tofolle sinktried yn. De bisten koene it ris op-
slikje en sok spul yn 'e mage krije.

Moai sa'n brantsje foar de jonges. As wie it allinne
foar har oanstutsen sa stiene se der op 'e noas by.

„Dêrwei,” seit de feint, „aenstouns fleane jim ek
noch yn 'e brân.”

Nou, dat soe sa hurd net rinne, tocht har. Mar doe't
der in fikse gjalp fûnken har kant oerkaem, woene
se de wyk wol spylje.

Einlings hiene hja har noct. Noch efkes by de
skuorre omstrune.

De foarhuzing soe stean bliuwe. Dêr soene arbeï-
derswenten fan, hie Reitse wol oan syn heit heard.
Hwant dy wie ek by 't ôfbrekken. Nou hie Reitse
ek hwat mear vrij as de oaren, tocht him. Mar sa
tocht syn heit der net oer. Doe't de achterhûsmorre
omhelle waerd, stie Reitse dêr dan ek op 'e noas by.
Mar syn heit joech him in flink ramplemint: „Aen-
stouns dou noch ûnder de stien en wy dy foar dea
thûsbringe!”

Doe stiene allinne de groubynten der noch. Dy wie-
ne swier en sterk, hja soene noch wol hûndert jier
meikinne.

Hoe dryst as timmerfeinten faek wêze kinne! Dêr
stiene dy bynten noch, forboun mei de peallen fan

't fjouwerkant. Jelke, de âldste feint, sette de grea-
te ljerre by 't bynt op. Hy die de skuon út en klattere
doe by de ljerre op. Yn in geswint wied er op it grou-
bynt, frij en frijpostich. Doe die er in slach om it
hiele fjouwerkant lâns. Doe Doede, de twadde
feint, ek by de ljerre op. Hy makke deselde kuijer as
syn foargonger. De jonges seagen har mei biwûn-
dering efternei. Né, soks soe nou net yn him opkom-
me, tocht Sybren. Men koe jin dêrboppe nearne oan
beethâlde. Sa prætte hy der dan ek mei de oaren
op om.

Reitse tocht der hwat oars oer. As dy feinten it
dwaen koene, dan hy ek. Mar hy soe 't net weagje
doarre om syn heit. Efkes om 't hoekje loere: moai
sa! Heit stie mei de boer foarhûs: it koe lije.

Hy by de ljerre op.

Dêr stied er op it groubynt. Triomfantlik seach er
nei de bidelte. Dêr stiene syn kammeraten. De iene
biwûndere him al mear as de oare. Né, soks soene
se him net neidwaen.

En dêr gyng de reis oan. Hy wannele pleizierich it
groubynt lâns. En doe it fjouwerkant om, krekt sa-
lang't er wer by de ljerre tolânné kaem.

„Knap dien, jonge,” seine de feinten doe't Reitse
wer ûnder kaem.

Mar dêr stie syn heit. Dy sei in pear rare wurden.
Mar ynwindich wie er greatsk op syn soantsje. As
dy timmerman waerd, soed er wol gjin lêst ha fan
de simmels. En dat wie foar in timmerman alles.

Hichtefrees hied er yn alle gefallen al net. En in
timmerman moat ris by 't ûleboerd komme doarre.

Mar der wie ien dy't dit min sette koe. Dat wie Sybren. Dy Reitse ek altyd. Dy wie him nou yn suver alles de baes. Oare jonges koe it neat skele dat Reitse hwat útblonk, mar Sybren wie der frijhwat brûkel ûnder.

Lykwols, hwat koed er der oan dwaen? Soe hy sizze dat it sa'n gefaerlik spul wie? Dat wie âldmannepraet.

En as er sei: „hvat soe dat nou en rin by sa'n ljerre op!” dan koe Reitse sizze: hie 't my marris neidien! Fêst, soks krike er dan op syn brea.

„Hwat mankearret dy?”

Klaes stompte him oan.

„Neat; hoesa?”

„Nou dou seist neat en sjuchst mar mâl!”

Doe skuorde it wer in bytsje by. Hy woe op 't lêst ek nearne op oansjoen wurde.

Dy joune lei er op bêd sahwat fan alles to bitinken. Hy soe dy Reitse noch wolris in loech ôfsjen wolle. Mar hoe?

En mocht dat wol? Reitse wie in golle jonge, hja hâldden allegearre likefolle fan him. Ja, fierstentofolle, tocht him. Hy, Sybren, wie oars ek net min. En syn heit wie great-boer. Op hwat manear soe hy Reitse nouris peste kinne?

Peste? Né, dat mocht ek net.


Hy hie sa pas noch syn gebetsje opsein, lyk as Mem him dat leard hie: Biwarje ús yn dizze nacht!

Wis al, hy hie alle jounen syn gebetsje opsein. Mar hy hie der de iene kear mear by tocht as de oare.

Mem hâlde it him foar: De Heare moat ús biwarje.

Syn kammeraten beaen nou datselde. As de Heare har biwarje soe, dan mochten hja in oar gjin kwea tawinskje. En har ek net peste. Bynammen jins kammeraten net. Dêr moast men ynpleats it goede foar freegje. Fuoi, syn holle sloech derfan. It wie in hiel stik en plûzje dit marris út.

Hy koe der earst net om yn 'e sliep komme. Foart mei 't spul, net mear om soks tinke. De jonges draiden elkoar allegearre wolris in loer. Dêr wiene se net safolle minder om. Né, hy soe 't net al to mâl dwaen. Mar hy moast marris sjen hoe't it kaem. Sa foel er yn 'e sliep.



III. De lantearnspeal.

Op 'e hoeke fan 'e buorren stie al sūnt jierren in lantearnspeal. Mar it wie ien sūnder ljocht. Der wie elektrysk ljocht yn it doarp kommen en nou wie de âld peal der fan foarby parte. Stie net op in gaedlik plak, nei 't de lju dy't dêr forstân fan hiene, it útleine. Nou stied er dêr foar douwedrinken.

Men soe sizze hwerom't dy âld peal dêr nou noch stean bleau! Och, hy stie gjin minske yn 'e wei en wie gemeente-eigendom. En om't gjin ien gemeenteriedslid yn 't doarp wenne, wie der ek net in each fan dy hearen op 'e peal fallen. Allinne de wechwerker miende dat er sahwat ûnder syn taforsjuch stie. Goed, hy bleau der stean.

Dy wechwerker! Ja, dêr hiene de jonges wol gauris in loopke mei. Bynammen yn 'e koarte dagen. Dan rieden sy mei syn pipegael, goaiden mei stiennen fan de opslach, forsjouden de takkebosken fan it heechpaed en mear sokke grappen. Bynammen it rûtsjetikjen wie in aerdichheit. Dat diene se fansels it measte by eigenwize en skrikkerige minsken. Ek wol by de wechwerker sels. En dan de man fan de biezem der út. Mar fansels, dan wie der yn gjin fjilden in kweajonge to forninnen.

Op in oerdei tusken skoaltyd strûnde it fjouwortal hwat by de lantearnspeal om.

„Soest dêr wol yn op komme kinne?” sei Pibe tsjin Reitse.

„Wis wol, hwerom net?”

In peal wie noait sa glêd of Reitse kaem der wol boppe yn. Mar de oare mochten it om him ek wol earst bisykje.

De oaren hiene dêr suver gjin smucht op. Sa'n fjouwerkantich stik glêdde balke, né, hja weagen harsels der mar net oan. Der wie neat dat har oanloek. Gjin tûke, gjin nêst, neat. Hja seagen der suver gjin heil yn.

Nou, Pibe wol. Dy seach rounom wol heil yn, as it mar omhegens socht wurde moast.

Yn in omsjoch wie hy der klear foar. Fansels, it wie oppassen en krij mar gjin splinters yn 'e hannen.

Mar it gyng. Wis al, hwant in oanhâlder wint. Mem hie dat sa faek sein. Mem soe't wol net bidoeld ha en lit soks op klimmers slaen. Och.... Mem!

Dêr! In pear slaggen mei de earms en Reitse hie de útstekkende lantearnelatten to pakken. Noch in hyske! Nou wie er safolle mânsk, dat hy syn skonken oer dy latten hinne slingerje koe. Dêr siet er wyslik en wol en hâldde mei de hân de knop dêrboppe beet. Soe sa'n peal ek hwat swypkje wolle? Mei in krún fan in beam woe dat altyd sa tige.

Ja wis, klear hear! Der wie biweging yn to krijen. Moai!

Wis al, mar rom moai genôch. Knap, sei de peal dêr deun by de groun. En mei in sierlike swaei kaem Reitse yn de âld sleat tolânne. Hy foel him net sear en der stie ek gjin wetter yn 'e sleat dat makke.

Neat stikken - allinne de peal mar. Nou, liet him! Mar op ditselde stuit kaem Ealse wechwerker om 'e hoeke fan 'e âld skuorre. Hy hie noch krekt de sier-

like swaei sjoen. Hy sette redsum de pipegael del. Mei in heislik drigemint soe er op 'e jonge ta. Dy wachte Ealse syn „blide” komste net ôf. Hy soe de sokken der ynsette en útnaeije sa hurd as er koe. Oer in stik lân, dan ûnder in hage troch en sa brûsde er yn Dûmny's tún.

Ealse him achternei fansels. Mar dy koe sa maklik net troch it gat yn 'e hage as syn foargonger. Hy hâldde de rêch in bytsje to heech. Mei syn kile skramde er oan in streek stikeltried lâns. Krak, sei syn kile, en siet der in skuor yn fan boppen nei ûnderen. Nammersto nidiger waerd de man.

Dûmny stie krekt foar yn syn tún om syn prinsessebeantsjes to biwunderjen. Dy wiene tige foarlik dit jier, yn in wike boppe de groun.

Dûmny waerd der kjel fan: hwat spul wie dat dêr achter yn 'e tún? Dêr koe wol in jonge omskermehearje. Mar wylst er dêr in pear stappen dy kant útdie, wie der neat mear fan in jonge to sjen.

Yn ien eachwink hie Reitse it bigrepen. Twa fijânnen. Dûmny foar yn 'e tún en Ealse efteryn. Hy koe gjin kant útkomme: alles wie mei hekken en stekken biset. Hoe moast er hjir mei oan? Soed er de iene ûntwike, dan roun er de oare yn 'e tût. Ja, aenstouns wie 't skoalletiid. Mar de skoalle, hawar, dat soe him wol rôdde.

Dêr kamen de beide mannen elkoar yn 'e mjitte wanneljen. Beide seagen hja elkoar forheard oan. „Hwat is hjir eigentlik to rôdden?” frege Dûmny. Doe die Ealse forslach oer de omfallene lantearnspeal en de kweajongen dy't dat bidreaun hie. Dy

wie hjir ûnder de hage trochkrûpt en moast yn Dûmny's tún wêze. Dêr siet it him ek yn, dat hy, Ealse, hjir tolânné kommen wie.

„En hwer soe dy stjonkert nou sitte?”

Ja, Dûmny wist it ek net. Hy hie wol in skimp fan in jonge sjoen, mar mear ek net. Hy moast hjir noch yn 'e tún wêze: alles wie goed forsegele. En der wie gjin jonge. Siz 't marris hwer't sa'n houtsje to finen wie. Dûmny en Ealse seagen elkoarren in setsje oan, en doe yn alle hoeken en gatten, mar der wie neat fan in jonge to forninnen. As wied er troch de groun sonken!


Op 't lêst gyng elk syn eigen swé mar wer, Dûmny nei syn beantsjes en Ealse de kant út nei de hage. Dûmny seach him achternei: jonge noch ta, dêr hie Ealse syn kile in rare winkelheak krige. En in twirke spile mei de lapen, dy't der los oan ombongelen! Hwer wie Reitse sa gau keard?

Dêr stie ommers yn Dûmny's tún sa'n moaije, brede en tichte dinnebeam. Wol fyftich jier âld, hie heit wolris sein. Dêr yn op! Hy koe dêr op 'e helte wol hielendal ûnder de griene tûken weiwerde. Hja moasten al tûk wêze, dy dûmny en dy wechwerker, as hja him dêr seagen. Mar dan fansels tige stil sitte, lyk as de soldaten yn it turfskip fan Breda. En it slagge. De mannen hiene net yn 'e smiis dat Reitse sa redsum efter de tûken weiwerde koe.

Dochs wie it foar him in hiele forromming doe't it gefaer geweken wie. Hy kaem súntsjes del en gloep mar wer hastich ûnder de hage troch. En in oare wei del om nei it skoalleplein.

Alle jonges wiene al fan 'e buorren. Ja, hy hie 't
sa pas wol heard: de klok hie al ien ûre slein. It bid-
den en sjongen wie fêst al dien, hja soene mei de
les bigjinne.

Master seach nei de toletkommer. O dat wie Reitse!
Sa pas hie hy Reitse syn maten alris ûnderstjen,



hwer't dy jonge siet, mar dy wisten fan neat. Sy-
bren ek net. Né, sokke tiden soene hja elkoar net
forriede.

Reitse moast salang't de boekjes omdield waerden,
by de doar stean bliuwe. Doe rôp Master him.

„Hwat nou jonge, hwerom bist sa let?”

Iepen seach Reitse him oan: „Ik siet yn in beam
Master, en koe dêr sa gau net útkomme”.

Fyntsjes glimke Sybren. Mar hy paste wol op dat
Master dat net seach.

Master leaude it heal, mar om't Reitse oars sa'n
bêtelearling wie, gyng er der mar net fierder op
yn. „Gean mar nei dyn plak!”

Doe't se útkamen fregen syn maten alle trije him
hoe't er dat eigentlik hawn hie. En oft Ealse him ek
noch omseame hie.

IV. Fan moaije fiersten.

Master hie op skoalle oan 't fortellen west. Dêr hied er in danigen slach fan. Dan sieten alle bern sa stil as mûzen. Hja hiene mei sawn pear earen harke. Hja hiene alles dûdlik foar eagen sjoen.

Master hie fan de Heare Jezus forteld, hoe dy fjir-tich dagen yn 'e woostenije tahâlden hie. Neat iet en neat dronk. En doe meinommen wie op in berch, mar Him net forliede liet.

It forhael makke djippe yndruk op de jonges, mar dêr prætten hja sa net oer.

„Jonges,” sei Sybren de oare deis, „lit ús nouris op 'e Poarte sjen. Dêr ha wy yn gjin tiden west”.

Dat like de oaren goed ta en mei har fjouweren stieken hja dêr hinne. It wie in hiel ein bokseljen. Wol in healûre sa út 'e buorren wei, lykwols it wie moai waer en sa waerd it ek in moai reiske. Mar hja diene der gâns langer oer as in healûre. Och de tiid wie harres meiinoar.

Sybren wie famylje fan de Poarteboer. Dy koe dus wol sahwat har lieudsman wêze. Nou hy hie mei dit reiske ek danich syn slinger.

Dy Poartepleats! Dat wie nochris hwat fan âlds. Dêr wie dy ôfbrutsene pleats by de buorren neat by. In hiele brede grêft roun hjir om hûs en hiem hinne. Om dy grêft roun in reed dy't hielendal grien bi-woeksen wie. En om dy reed wer in lytse grêft. Ek hielendal om it spul hinne. En aan wearskanten fan dy lytse en greate grêft fjouwer rigels hege beam-

men, abeeljes en esken en eskdoarnen. Machtich like dat allegearre.

It hûs en de skuorre wiene yn 'e rin fan 'e jierren alris fornijd, mar dy Poarte, út 'e grêft wei opmitsele en dy grêften mei reden en alles, wiene fêst noch út 'e tiid fan de Skieringers en Fetkeapers, dêr't Master ek wolris oer forteld hie. Neat wie der feilich yn dy tiid, dêrom leine dy brede grêften om hûs en hear en wie der dy út it wetter wei opmitsele poarte, dêr't sokke kanjers fan doarren ynsieten.

Nou, de jonges wiene dêr wolkom. Hja moasten earst mar mei neef Sybren efkes yn 'e hûs komme. Dizze beide Sybrengs wiene nammers nei deselde Pake neamd.

Doe mochten hja boartsje. 't Gyng wakker op in wyldekaterjen om hûs en hear.

Mar al ridlik gau woene hja it heger bisykje. Dat trof net min: neef Sybren wie ek in earste klimmer. Gjin beam him to heech. De oaren koene der ek wol hwat mei, mar hjir koene hja net tsjin út. Reitse net ienris. Hy die oars wakker syn bêst, mar dit koed er net hise. „Toe nou Reitse, set broek!” fjurren de oare trije him oan, mar Reitse waerd nûmer twa.

„De beammen hjirre binne mankundich moatst rekenje,” lake Sybren fan de Poarteboer. „Ik haw it har al sa faek bitsjut, dat sy wolle mei my wol om sizze jaen”.

Sybren wie dus de earste. Mar dy oaren folgen ek. Hja sochten elk in gaedlike beam út en klommen dêr yn op. It duorre net mâlle lang of hja sieten yn har beammen sa heech hja komme koene. En dat

wie aerdich heech, hwant sy seagen fier oer de greate skuorre hinne. En dy hie oars ek al in flinke hichte.

Dêr sieten se dan yn 'e beammen, heech, mirakele heech. Suver oft hja tichter by de wolkens kommen wiene. Of wie dat mar forbylding?

It skeat Klaes wer yn 't sin, dat fan de Heare Jezus. As men boppe alles út heech komt to stean, dan is de forlieding tichteby. Sjuch soks hie Master der juster noch by sein. Hoedzje jim dus foar jimsels. Bynammen as jim de hichte yngane.

It hiele forhael skeat him hjir wer troch 't brein. Mar sok ding soed der noait mei de oare jonges bistrate. Hy leaude wol en hie de Heare Jezus wol leaf, hy tochte dêr ek wol faek oer nei, mar prate? Né.

Mar hwat wie 't hjir oars moai yn 'e beammen. Hwat liken de minsken allegearre lyts, binammen dy dêr yn 'e fierte. Hwat koe men hjir moai op 'e ierde delsjen. Op Dokkum, en Hantum en Nijwier. Moai sicht en fier sicht.

Einlings rekken hja wer út 'e beammen. It hie moai west. En nou stiene hja wer op 'e platte groun. Neist inoar. Tsjin inoar to swetsen oer hwat se al biwûndere hiene.

Nou moasten se wer nei de buorren. Dat waerd noch in hiele tippel. Mar om har to forhastigjen, soks dat kaem net yn harren op. Doe't se dy joune thús kamen, kriegen hja alderearst in fikse skrobbeiring oer stikkene broeken en sokken dy't har suver fan de fuotten ôfstrûpt wiene. En dat yn in tiid súnder

stopjern en mei in ûnnoazel bytsje textylpunten. Doe't Mem Klaes noch efkes bistoppe sei er: It wie dochs sa moai, Mem, en ik moast iderkear aan de Heare Jezus tinke".



Doe fortelde er Mem alles en wie syn joun noch moaijer as de klimmerij sels.

V. Nêsten en aeijen.

De kammeraten stiene op Freedtojoun nei skoalle al in setsje byinoar op. Hwer soene hja foar diz'kear ris hinne? Hja hiene al sahwat yn alle beammen hjir yn 'e buorren op west. Dêr wie it nijs ôf.

Reitse wie der net by. Dy wie nou al in pear Freedtojounen nei syn muoike yn it oare doarp. Hwat er der dan eigentlik aan hie by dat âld minske, dêr koene hja net by en hwat hy dêr útsette by Reitskemuoi, hiene hja ek neat fan bigrep. Mar hy moast it sels mar witte. Hja koene mei har trijen ek wol boartsje.

Mar hwat it oars ynhâldde?

Foarearst wie it al in hiele tippel, wol in heal ûre fotteljen. As it nou de muoite wurdich wie soene hja it der noch foar oer ha. Mar it wie dêr mar in gat fan in doarp, sawn huzen en in bargehok. Neat to sjen of to bilibjen.

Mar Reitse lei har dat sa krekt net út. Syn Mem-Endy hâldden der net fan om har hûshâlding op 'e buorren to bringen. En it waerd dêr de bern yndroege om sels tsjin de kammeraten lang net alles út tolitten. Reitse hâldde him dêr meastal oan. Foar in inkeldke kear liet er him tsjin syn kammeraten wol ris hwat ûntfalle, mar hja waerden lang net alles wys.

Reitskemuoi wie al in bytsje wiis mei har muoikesizzer, dy't ek noch de genamt fan har forstoarne man wie. Dizze lytse Reitse moast ommers ienkear

in greate Reitse wurde. Mar man hie ek sa'n greate keardel west. Reitse mocht dêrom ek graech by syn muoike komme. Muoike har sûkelarjemolke en koekjes smakken him dan ek tige lekker.

Mar sa om Maeije hinne wie der noch hwat oars, dat foar Reitse oanloklik wie.

Reitskemuoi hie in klimmerbeam tsjin de gevel oan to stean, in âldfader. Dy hie hast like lang mei west as it âld hûske sels. En dat wie nou al mear as hûndert jier âld. Reitskemuoi hie dêr har âld beppe wol oer heard. It wie yn 'e tiid fan Napoleon set.

Dy klimmerbeam! Hwat wie dy altyd grien en moai. En djip! Men moast de hân der wit-hoe-fier yn opstekke ear't men oan de muorre takaeem.

Mar dat wisten de protters en mosken ek danige goed. It wie in lust om dêr in nêst yn to meitsjen. It iene pear by it oare wie dêr dan ek mei dwaende. It wie in maklik spul. De nêsten fan it iene jier wiene ek wer tsjinstich ta it folgjende, hwant de boom siet der noch, sterk en goed, in stikmannich fearkes der oer hinne plakke, ré, de aeikes koene mar komme. It reinde noait yn sokke nêsten, de blêdden kearden dat wol ôf. En de beam stie oan de Noardeastkant. Dêrom wie Reitse der ek sa hjit op om Freedtojounen allinne nei Muoike ta. Dan hy mei de ljerre by de gevel op. By 't petfol helle er de griene en de skierstippige aeijen del. Muoike woe dat wol graech lije. Hwant sa'n sleep protters en mosken op 't hûs! It wie binaud hoefolle printsjes dy op har pannen roaiden. Der kaem by reinich waer ek wolris fan sok spul yn 'e reinwettersbak tolânne. Dêrom! Lit der

mar net to folle fan sok folk komme!

Mei hofsjongers en reidmoskjes en boumansjes dy't yn 'e hage by de sleatswâl har thús hiene, wie dat hiel hwat oars. Dat wiene sokke leave bistkes. It soe skande wêze en ûnthelje dy de aeikes. Dy songen ek sa moai. Bynei sa goed as yn 'e iere maityd de ljurken dy't it sa heech yn 'e loft bisochten.

Sa kaem Reitse dan jouns wer mei in pongfol aeijen thús. Dan koe hy dy doppen útblaze. Dat wie altyd in hiel forjaertsje. De djirre kaem yn 't pantsje en waerd mei hwat sâlt der yn dan opbakt. Lekker, sokke spegelaeijen. En dy útbliesde doppen hied er moai om 't oare yn in stevich byntjern oan 'e souder hingjen.

Mem prottele der wolris oer. Hja hie al stofnêsten genôch, sei se. Mar as Mem fan Reitse syn kammeraten hearde, dat se wolris mei wiete fuotten thûskamen, like Reitse syn fangst har dochs mar it bêste ta. Better in aei as in snoek.

Der siet ek in roekenêst op 'e ein fan it hôf by Reitskemuoi yn 'e abeeljebeam. It minske wie dêr net wakkere wiis mei, hwant roeken wiene yn har eagen greate biderfnagels, mar hja woe eigentlik ek net lije dat Reitse yn dy beam klattere. Hy mocht dêr ris útfalle en brek de nekke! Dan wie der gjin ried ta. Mar Reitse sangere it âld minske krekt sa lang om 'e earen, dat se sei: „Toe dan mar, ast' dy ûngelokkich falle wolste, moatst it op 't lêst sels mar witte”.

Reitse der yn op. Jonge, dy grouwe roekeaeijen wie ne ommers fêst de helte mear mâns as sokke prot-

teraeikes. Hwat soene dy útbliesde doppen moai stean ûnder oan syn hanger.

Der hong in greate takke suver skean en bryk by de beam del. Dêr koed er mar mei lijen ûnder troch wrotte, doe't er nei 't nêst ta soe. En mei de oare tûken joech it ek al gâns tûkelteammen. Einlings wied er flak mei de holle njonken it nêst. Mar hy koe der noch net yn sjen. Doe him mei de iene hân goed beethâlde en mei de oare yn 't nêst taeste. 't Nêst wie follein, hy taestte yn in hânfol fearren. Mar gjin aeijen. Hy fielde de hiele boajem fan it nêst oer, neat. Nuver. Nou hied er dy hiele klimpartij om 'e nocht makke. En hy hie niis syn broekje sa bitinklik knappen heard. Yn nije wike mar ris wer sjen. Dan wie 't nêst fêst wol fol.

Sa tsjantelet Reitse mei it foarútsicht op in stik of fiif roekeaeijen, de oare Freed's wer nei syn Muoike ta. Earst mar wer de protters en de mosken fan de dage lichte en dan op 'e roekeaeijen los. Dat koed er it bêste ta lêst biwarje.

Hy wie al drok oan 't fandeljen doe't er yn 'e grêfts-wâl hwat fornaem. Dêr koene wol jonges wêze! Dêr wiene ek jonges! En wol syn eigen kammeraten. Klaes en Pibe tominsten. Ja, mar Sybren ek. Sjuch my dat ris oan: dy klattere yn 'e beam op nei it roekenêst ta. Gemien fan him! Sa fleach it Reitse troch de holle. En nou gyngen syn aeijen aenstouns foetsy, dy aeijen dêr't hy him nou al wiken oanien op forgappe hie.

Hy by de ljerre del. Mar hwat soed er? Muoike roppe? Né, dat is him to lyts. Gjin âlde froulju by 't

spul. Dan laken se him letter ek noch út.

„Mis punt kom del!” Sa raesde er Sybren ta.

Mar Sybren lake: „Ien hoecht alles net allinne wol?”

Hy hie Reitse soks al ris sizzen heard, en nou sloech er him mei syn eigen wurden om 'e earen.

Reitse koe heech springe of leech springe, Sybren klom nei 't nêst.

„Hoefolle binne der yn?” rôp Klaes doe't Sybren de hân yn 't nêst stiek.

„Ik leau fan siif,” rôp Sybren. „Foar jim elk ien en foar my twa”.

Foarsichtich helle Sybren de aeijen ien foar ien út it nêst. Hy die se yn 'e pet dy't er mei de oare hân beethâldde. Mei dy oare hân hâldde er him ek oan de strampel fêst. It wie in foarsichtich wurkje. En nuodlik. As er him krekt losliet, soed er sa mar nei ûnderen tûmelje.

Einlings hie er se alle fiif yn 'e pet. Nou moast er foarsichtich tobek. Sa, dêr siet er feilich. Mei de rjuchterhân him beethâlde, mei de lofster de pet op sette. 't Wie in spultsje fan mantsje pas op. Hy moast de pet krekt sa op 'e holle ha mei de aeijen hwat nei foaren.

Einlings ja, it spul siet. Sybren wie ré foar de weromreis.

Hiel foarsichtich draeide er oer tûke nei tûke.

Nou kaem it slimste noch oan. Dy lange oerhingjende tûke. It waerd noch hwat om dêr op 'e rjuchte wize ûnder troch to wrotten.

Moai sa, hy wie al op gleed. 't Soe wol goed kom-

me.... Dêr sloech in ryske dat hy earst mei de hân oan kant reard hie, mar nou los skeat, him lyk yn 't gesicht. Au! en hy stiek de holle op. Krekt tsjin dy krûme tûke oan.

Gau dûke!

Mar it wie al to let. Fuoi, hwat fieldie it him dêr nuver op 'e foarholle..... Syn aeijen...!!

Ja syn aeijen! Mar it wiene gjin aeijen mear. Hja hiene alle fiif to stûf yn 'e knipe west. Doppen en djirre plakten him op 'e holle. En it spul roun him by strieltsjes ûnder de pet wei. Op 'e foarholle en yn 'e nekke. Dêr siet er helpleas.

„Komst hast?” rôp Pibe.

Ja, Sybren soe al delkomme, mar yn hwat foar tastân?

Einlings stie er op 'e groun. Mei in klap smiet er syn pet op 'e reed. De pet dy't der vrijhwat ûnhurich útseach. En nou yn 'e moude noch smoarger waerd. Mar syn hier en wangen wie ien djirre, allegear djirre.

„Dat hast' der fan!” sei Reitse. „Hwat hiestou yn ús Muoike' beam to meitsjen?”

Sybren wie kûgels. Dat kapotte spul en dan syn moai figuer!

„Rin nei de pomp mei dyn Muoike!”

„Rin dou sels nei de pomp! Dou meist dy tominsten wolris goed ôfspiele!”

Sybren roun nei de sleat om him hwat op to skjinjen en doe de oaren oan 't merakeljen. Mar Reitse wie mar vrijhwat mismoedich: „Dy skoandere aeijen dyst' nou sa forgrompoatte haste!”

Doe gyng it mijenoar op hûs oan. Underweis bêdde it allegearre hwat del en as de bêste kammeraten kamen se thûs. En hja kriegen elk ek noch in pear protteraeijen fan Reitse.

VI. De fjouwerstamme.

In pear wike letter. Hja hiene nou al sa faek yn 'e beammen op west, it bigoun hast to forfelen. Der moast nou hast wer hwat nijs opstean.

„Fiskje mar,” ornearre Pibe.

Dêr hie Klaes him thûs ek al ris oer hearre littien. Mar syn Mem hie sein: „Jimme binne nou noch net út 'e beammen rûgele, jimme moatte nedich nei de feart om dêr in wiete krous wei to heljen. Hwant dat fiskjen fan jimme, dat ha 'k al yn 'e rekken”. Dat nou biet Klaes net sa bjustere rêd yn dit nije foarstel.

„Witte jimme wol,” sei er, „wy hawwe noch net by ús Rynkom west. Dêr kinne wy ús oars noch wolris formeitsje”.

Dat wie wier. Sa hie Reitse ek alris tocht.

Rynkom wenne in hiel ein bûten de buorren, wol in heal ûre. Mar it wie dêr oars kostlik. Hege beammen om 'e skuorre. Krekt hwat foar har.

Mar Rynkom wie in wûnder man. Hy woe perfoarst net lije dat de jonges de nêsten úthellen. Dy earme fûgels! Har nêst en har aeijen en strak de jonge fûgels wiene ommers har iennichste hoop en treast. As de âlde roeken by't hjerst it him al to bûnt maken, wol nou, hy hie noch in âld gewear, hy skeat se sa mar út 'e loft. Dan hiene se dochs noch in moaije simmer bilibbe!

Rynkom hie dêr beammen genôch om 't hiem. Suver in boskleats wie it.

En it wie dêr in Dorado foar de ielreagers.
It wie de hจitting de beammen soene deagean fan dy fûgels. Mar dêr stiene noch in hiel soad, libben en wol, dat sizzen soe wol in fabeltsje wêze.
De jonges weagen har net by dy ielreagersnêsten. Dy fûgels wiene forwoedend en pikten de minsken sa mar yn 'e lea. Dat wie it sizzen. Mooglik wie dat ek wol in fabeltsje. Mar de jonges weagen it der mar net op. Siet men dêr heech yn 'e beam dan koe men jin ommers net forwarre.
Goed, dy Sneonoerdeis sakken de kammeraten mei har fjouweren ôf nei Rynkom ta. De âldfeint stie krekt by de achterhúsmuorre to pypkjen.
„Kom, dêr wiene de bysfeinten ek ris”.
„Ja Omke,” sei Klaes, „wy woene ris sjen oft Omke de ielreagers al forballe hie”.
„Komt net yn my op! Mar wolle jim in pear hawwe, dan sil ik wol in pear sjitte”.
„Smeitsje dy boutsjes dan goed, Omke?”
„Dat moatte jimme dan marris priuwe. Mar witte jim wol hwat jim dwaen moatte? It is gau fiskertiid by jim, net?”
Nou ja, dy kant loek it al út, dêr hiene hja alris oer tocht.
„Nou,” sei Omke, „sjuch as jim nochris goed byt ha wolle, dan moatte jim de wjirm mei ielreagerfet bissarre, dan fange jim de grouste bearzen”.
De jonges wisten net hwat se dêr op sizze soene.
Omke wie nou ienmul in nuverenien, hy wie der neat to goed ta en ryd har ris moai foar de kroade. Allinne Reitse glimke: „Omke mei syn ielreagerfet”.

Doe sloegen se yn oar praet. Op 't lêst sei Omke: „Nou mar gau yn 'e beammen op, net? Ik moat jitris sjen hoe goed oft jim klimme kinne”.
Dat wie har gjin dôven sein. Reitse siet yn in ge- swint yn ien fan de alderheechsten. De oaren skeatten ek al moai op.
„Reitse hat de priis, fierwei!” rôp Omke lûd. Hy woe meiens de oaren in bytsje nytgje.
It stiek Sybren dat Reitse sa'n lofprizing krike.
„Ja mar,” sei er, „myn beam is ek folle glêdder en aekliker as Reitse sines”.
„Ja dat sjuch ik wol,” gnyske Omke, „dû hast de minste útsocht. Dû bist noch al sahwat goederjowsk”.
Nidich wie Sybren, mar hy sei neat. Hwat soed er sa gau bitinke? En dan tsjin sa'n grapmakker!
Der kaem in keapman oan dy't efkes mei Omke prate woe. Omke joech earst noch hwat warskôgings. „Der net út kelderje, jonges!”
Krekt oft er, nou't er fuort moast, mear noed mei de jonges krike as doe't er der by stie om har tsjin elkoar oan to hysjen.
De jonges hearden net ienris nei Omke syn praetsjes der wie noch noait ien fan harren der útkegele, dat foel wol hwat ta.
It foel ek genôch ta, in setsje letter stiene hja helder by inoar op 'e platte groun.
Hwat nou noch mear? Hja trapen hwat yn 't hôf om, mar dat forfeelde al gau. Der moasten mear kunsten fortoand wurde.
„Nei de fjouwerstamme jonges,” rôp Sybren en de

oaren wiene ek daliks ré.

De fjouwerstamme wie in áld eskdoarnbeam, flak by de groun yn fjouwer stammen yn 'e hichte sketten. In hiel ein wiene hja ticht by elkoarren bleaun, der wie sels in plak dêr't se sels in bytsje nei inoar tagroeid wiene. Mar dêrboppe hiene se mear tûken krike en wiene se wer byinoar weigroeid. Op it plak dêr't se nei inoar tagroeid wiene, koene de jonges fan 'e iene stamme yn 'e oare oerstappe. Tominsten Pibe en Sybren hiene him dat forline jier fortoand mei in pear.

Klaes wie de earste dy't yn in stamme opklattere. Ridlik gau wied er op it nauwe steed.

„Oerstappe!” rôpen se fan ûnderen út wei.

Klaes driigde en driigde, hy sloech syn iene earm alris út, mar dy earm wie noch to koart: hy doarst it net weagje.

„Ast' net doarste, kom dan mar gau wer del!” rôp Pibe.

Klaes meat de distânsje nochris, it wie ek al in bytsje lyts dat hy net fan de iene yn de oare doarste, mar op 't lêst wied er gau biret: hy glied hastich wer by de stamme del.

Doe Pibe: dy siet ek al ridlik gau op it nauwe punt. „Oerstappe!” rôp Sybren.

It gyng him mar bêst ôf, hy pakte de twadde stamme mei beide earmen en hoegde doe hast net ienris mei syn fuotten ôf to setten.

„Nou yn de oare!” rôpen se fan ûnderen ôf.

Pibe meat de distânsje ris mei syn eagen. De trêdde stamme wie al wer in bytsje fierder fan de twadde

ôfwoeksen as de earste fan de twadde. Mar hy tocht: ik weagje it, liet de twadde stamme los, grypte tagelyk in tûke fan de 'e trêdde stamme en wie mei in spronkje yn dy trêdde.

„Moai sa!” rôpen Reitse en Sybren, „dou hast Klaes al moai op in pyk”.

Al of net in pyk, it koe Klaes allegearre neat skele.

„En nou moatst ek sjen datst yn 'e fijerde komst,” rôp Sybren.

Dat wie slimmer. Dy fijerde stamme wie gâns skeander fan de trêdde ôfwoeksen. Pibe moast him mei earmen en skonken loslitte en in foech spronkje dwaen, as hy to plak komme soe. Hy oan 't mijitten en mijitten: sà moast er it ha om op dy oare stamme to springen; hy soe... en soe... mar hy seach de distânsje jitris oan en... doarst it net to weagjen.

„Ik net, ik kom del hear,” rôp er.

„Och stumper,” sei Sybren, „hwat falt mydit fan dy ôf”.

„Nou, doch dou it dan, ik wol der net útklappe”. En Pibe liet him by de trêdde stamme delglide nei ûnderen ta.

Doe Sybren mei syn lange skonken yn 'e earste stamme op. Dêr boppe wied er yn in omsjuch yn 'e twadde en fuort dêrnei yn 'e trêdde. Hy die der suver gjin wurk fan. Mar nou moast er fansels noch yn 'e fijerde wêze.

Né, dit wie net in spultsje dat sa mar fansels gie. Dit koe him noch wolris slimmernôch wurde.

„Trochsette jonge,” tocht er by himselfs, ik weagje it. Hannen en fuotten los, flink de earmen foarút,

sa weage hy de sprong. It gyng skean nei ûnderen ta. „O hy falt!” - mar hy foel net. In foet leger as er ôfset hie, hied er de fjirde stamme to pakken en ek goed. Stadich liet er him nei ûnderen glide. Hwant hy hoegde nou net mear nei de earste stamme dy wie to fier fan de fjirde ôfwoeksen.

„Sjuch jim wol jonges, it kin skoan,” swetste er doe't er wer op 'e platte groun stie.

It koe, dat wie wier, Sybren hie it ret, al wie it dan ek op it kantsje omt ôf.

„Nou dou,” sei er tsjin Reitse. Dy skoarre der earst al in bytsje tsjin oan. „Toe nou,” trune er him oan, „dou doarst dochs wol? Oars ha'k jim allegear op in pyk”.

„'k Wit net,” sei Reitse en seach ris by de beammen op.

„Wol,” sei Sybren, „dou kinst altyd sa goed klimme, bist ús allegear de baes en dou soest it net weagje doarre? Kom, kom!”

Wis, Reitse soe hiel wol yn dy beam klimme kinne, mar dy oergong dêr boppe, dat wie hwat oars as klimmen. As it ris misbitearde, hwat soed er dan raer nei ûnderen tommelje.

„Toe nou, bang fanke datste biste. Nou doar er net! Hy is bang dat er by de earste oergong der al út soalje sil”.

Sa hune syn kammeraet him.

Soks koe Reitse net op him sitte litte. Soe hy dan sa'n ein minder wêze as Sybren? Yn elk gefal koe hy dy earste oergongan licht weagje. Hy klom yn 'e beam op. Dy oergong fan ien op twa wie maklik to meit-

sjen. It slagge him ek aerdich mei dy fan twa op trije, mar doe kaem it slimste noch oan. Dêr, in knap ein fan him ôf, stie dy fjirde stamme. Hy driigde.... en driigde....

„Toe nou Reitse, weagje it mar!” Sybren kraeide it hast út; sa gyng it ek mei de oare beide. Dat wiene hiele helten nou't se op 'e feilige groun stiene.

Reitse wie der oer yn bistân, soe er it weagje of net? Dy fjirde stamme stie hast in mâstrêd fan him ôf. As 't him miste! Dan koed er wol dea wêze.

„Toe nou, sukkel!” falsk en hûnjend klonk it him yn 'e earen. Sybren wie nou de helt; hy fielde himsels en spatte mar op.

Né, dit koe Reitse ek net fordrage. Sybren hie it ret. Nou ja, liet Sybren in bytsje greater wêze as him, safolle skeelde dat op 't lêst ek net. Dêrom..... hy weage it. Efkes die er de eagen ticht... Mar dat wie mis. Hy sloech syn earms forkeard út en trûzele by de beam del. Plop! Op 'e groun. Hy rôlle ek noch by de steile wâl del yn 'e grêft.

Daliks stouden de jonges der op ta. Hja hellen him der út. Dweiltrochwert wied er.

Mar hy libbe noch. Mar hwat hied er in rare kleur. En dêr ynienen koarre er.... by gjalpen, fuoi! Mei har trijen hysten hja him by de wâl op.

Pibe fleach nei Rynkom. Dy stie krekt mei syn prater op de efterhûsstrjitte. Rynkom drafke dêrhinne.

„Ja, ik sjuch it wol,” sei er. „Jonges, mar gau it hynder foar de karre. Pibe, helje dou de âld swarte mar op”.

Yn in geswint hie Pibe it foerkorke te pakken. De

doar komme mocht. Efkes yn 't moaije waer.
De earste dy't him seach wie Sybren. Dy fleach su-
ver op him ta, sa bliid wied er. Hy fortelde dat hja
nou wakker oan 't fiskjen wiene, de klimmerstiid
wie oer.

„Kinst' it my forjaen dat ik dy ta dy sprong oan-
sette?”

„Och, it wie ommers myn eigen skuld. Ik moast it
net dien ha”.
Sybren hie der hwat fan leard. Mar om him letter
op it rjuchte stuit to bitommeljen, nou, dat hie der
noch wolris oan.